

# **CDA**

## ***Littenseradiel***

### ***Program 2010-2014***



***foar in stabyl bestjoerd Littenseradiel!***



1. Gosse



2. Tjerkje



3. Ulbe



4. Auke



5. Bram



6. Marjan

## Kandidatelist CDA Littenseradiel

Gemeenteriedsferkiezings 3 maart 2010

nr.	naam	plak
1	De hear G. Hiemstra	WOMMELS
2	Mefrou T. Kooistra -de Vries	EASTEREIN
3	De hear U.B. Bakker	WINSUM
4	De hear A. Talsma	WJELSRYP
5	De hear B. van Beem	WOMMELS
6	Mefrou M. de Jong -van der Hoff	HIDAARD
7	Mefrou G. Breeuwsma	EASTEREIN
8	Mefrou B. Tacoma -Veenstra	EASTEREIN
9	De hear A. Bouma	EASTERLITTENS
10	De hear E.J. Heerma	IENS
11	De hear J. van Gunst	HILAARD
12	De hear U.G. Wiersma	WOMMELS
13	De hear H.M. Bouma	HIDAARD
14	De hear S. Dijkstra	MANTGUM
15	Mefrou I.J.E. Bremer-Kastelijn	WIUWERT
16	De hear T. de Haan	SPANNUM
17	De hear D. Weidenaar	WOMMELS
18	De hear M. Kastelijn	WIUWERT
19	De hear D. Hibma	KUBAARD
20	Mefrou W.M. Peenstra-van Dijk	BRITSWERT

# **CDA**

***Littenseradiel***

*"Foar in gemeente mei ynwenners,  
jong en ald, dy't meiprate oer saken  
dy har en harren wenkrite oangean  
en in mienskip wer't elts meidocht"*

# ***It CDA***

It CDA is in hjoeddeiske kristlik-demokratyske folkspartij.  
Foar it CDA stiet de mienskip en de minske sintraal.

De belutsenheid fan minsken by har gemeente, gesin en famylje, de skoalle of de omkrite, de feriening: dat neame wy it draachflak fan de gemeente as publike lokale mienskip.  
De kristendemokrasjy wol hjirmei ôfstân nimme fan it fersliten links-rjochts-tinken.

It CDA hat in folslein eigen plak yn de hjoeddeiske polityk: sosjaal op sosjaal-ekonomysk mêd, deugdlik wat oerheidsfinânsjes oanbelanget, realistysk foarútstribjend oangeande miljeu, duorsumens, fêsthâldend mei it each nei it gebiet fan noarmen en wearden.

## ***Boarne fan ynspiraasje***

It CDA is in partij, mei woartels yn alle lagen fan de maatskippij. It is dêrom dat it CDA it plak is foar in protte minsken dy't har oansprutsen fiele troch it kristen-demokratysk tinken.

Wat ús bynt is it leauwen yn demokratyske wearden en de Bibelske boadskip as boarne fol ynspiraasje by it sykjen nei oplossings foar hjoeddeiske útdagings. It giet dan altyd om minsken.

Minsklik lok, waardichheid en respekt fan beide kanten, feiligens en it boargerwêzen, noed stean foar elkoar, mienskipssin; dat binne de fêste wearden.

# Ús útgongspunten

## ***Rjochtfeardigens***

It CDA wol him ynsette foar in maatskippij dêr't Bibelske rjochtfeardigens waakse kin. De oerheid moat yn wetten en belied it rjocht ta jilding bringe. De belangen fan de sosjaal en ekonomysk minder bedielde minsken moatte wy hoedzje.

## ***Solidariteit***

It mienskiipsfielen toant ús dat minsken boadskip oan elkoar hawwe. Dat giet oer grinzen hinne sawol fan de eigen sosjale groep as dy fan it lân.

Fan sterke minsken mei offers frege wurde dy't oan de swakken takomme. De oerheid hat dêryn har eigen taak. Sy jout de garânsje foar in boaiem yn de sosjale wissichheid. Sy docht in berop op boargers en maatskiplike organisaasjes om te arbeidzjen oan maatskiplike ûntjouwing mei en foar de minsken.

## ***Sprieden ferantwurdlikens***

Minsken en har maatskiplike gearhing moatte de gelegenheid ha har nei har bestimming ûntploaie te kinnen. De oerheid moat de ferantwurdlikens fan de minsken en organisaasjes erkenne en stypje, en har de romte en mooglikheden jaan om dat wier te meitsjen.

## ***Rintmasterskip***

Rintmasterskip wol sizze dat de minsken hoeden omgean moatte mei syn as har omjouwing. Dat omfettet net allinne it natuerlike miljeu. Ek it omgean mei jeften en talinten op it mêd fan wittenskip, technyk, wurkferdieling en kultuerfoarming behearre dêr ta.

Rintmasterskip tsjut op ferantwurdlikens foar it yn stân hâlden fan ús ierde en fan elts dy't op dizze ierde wennet.

De natuer is ús jûn om fan har te genietsjen, fan har fruchten te libjen, mar ek om de mooglikheden yntakt te litten en te bewarjen.

## **CDA - fyzje op Littenseradiel**

Littenseradiel bestiet út in grut tal lytse doarpen yn in lanlik gebiet. Littenseradiel hat foarearst kezen selstannich te bliuwen. Gearwurking mei oare gemeenten is sinfol. It CDA slút weryndieling by sa'n gearwurking net út. De gemeente moat har fanôf hjoed de dei aktyf opstelle.

De gemeente hat in wichtige taak yn it stypjen en beskermjen fan de mienskip as gehiel en de mienskippen fan minsken yn doarpen, skoallen, tsjerken, húshâldings en yn in protte ferienings en organisaasjes.

Yn de gearwurking tusken de gemeente en mienskippen leit de krêft fan Littenseradiel. In libbene gemeente; in mienskip fol maatskiplike enerzjy.

De mienskip yn al har krêft stiet foarop, it gemeentebestjoer spilet derop yn. It CDA wol hjirta betingsten stelle, stimulearje en somtiden ek ôfremje. Wy wolle in libbene gemeente, mei boargers en organisaasjes dy't ferantwurding nimme, in betroubere oerheid en in warbere gemeentepolityk.

De mienskip fan Littenseradiel moat mear wêze as in optelsom fan de yndividuen. It CDA wol graach it petear oangean mei organisaasjes en mei minsken mei nije ideeën en belangen.

Út respekt foar de tagediene boarger en syn organisaasjes moat úteinlik it gemeentebestjoer op grûn fan algemien belang in iepen en heldere ôfwaging meitsje en beslúten nimme.

Dat betsjut ek dat fan boargers en groepearings frege wurde mei, ferantwurding te nimmen en fierder te sjen as it eigen hiem.

As it no giet om de krappere oerheidsbudzjetten, it tal ynwenners dat lang om let ôfnimt, it tal 55-plussers dat sterk groeit, as om de

skaalfergrutting yn de lânbou, elk moat syn bydrage leverje yn de útdagings dy't op ús ôf komme.

Littenseradiel is in plaatsje dêr't wy hoeden mei omgean moatte. Mar it is gjin iepenloftmuseum. Littenseradiel is in libbene plattelânsgemeente, it warbere griene hert fan Fryslân.

Yn dit gehiel past in gemeente mei ambysje, hieltiden op siik nei ferbettering en fernijing. Rie en kolleezje dogge dat mei fisy en lef. Sy wurde dêryn stipe troch in profesjonele, ynteger en foaral foarút tinkende en hanneljende organisaasje.

Aktyf ynspylje op fragen en behoeften fan boargers en mienskip is tige wichtich.

Littenseradiel bliuwt op dizze wize dé ideale útgongsposysje foar oantreklik, feilich en ferskaat wenjen, wurkjen en ûndernimmen.

## Littenseradiel foarút

Nûmer	<p>Ûnder de titel "Littenseradiel foarút!" nimme wij yn it program in tal útspraken op, oer saken wêr it CDA har de kommende fjouwer jier sterk foar meitsje wol. De ledegearkomste hat de folgjende top-10 prioriteiten steld.</p>
1	<p>In fitaal plattelân is de basis foar in leefbere takomst. Genôch wenten en romte foar de ferskate doelgroepen stiet foarop. It op peil bringen en hâlden fan foarsjenningen dy't de leefberens fersterkje binne wol sa wichtich.</p>
2	<p>Blokkaden foar ekonomyske ûntjouwings moatte fuortnommen wurde. It belied moat rjochte wurde op datjinge wat sosjaal, maatskiplik en ekologysk mooglik is. Bedriuwen moatte mear de romte krije harren te festigjen en te ûntwikkeljen.</p>
3	<p>Doarpsfisy's fertsjinje in fêst plak yn de syklus fan de rie. Jierliks besprekke rie en kolleezje de fuortgong yn it ramt fan de stân fan saken fan útwurking en realisazje fan de strategyske fisy Littenseradiel.</p>
4	<p>Basisûnderwiis yn de direkte wenomjouwing is wichtich. Útbou ta brede skoalle is de takomst. Boargjen fan kwaliteit yn it ûnderwiis stiet foarop. Grutte fan de skoalle is gjin mjitstêf foar kwaliteit.</p>
5	<p>It CDA wol ûndersyk nei wenfoarmen wêr't de âlderein langer yn eigen doarp en op harren sels wenje kinne.</p>
6	<p>It CDA stiet foar ynwenners dy't mei prate en beslisse oer saken dy't har en harren wenkrite oangeane. Aktyf belûke fan doarpsbelangen en oare (nije) platfoarmen jout der ynfolling oan.</p>
7	<p>Leefberens begjint bij de kar fan har jongerein foar it plattelân. Starterswenten moatte der komme. Wêr't nijbou temin soelaas biedt moat oare oplossingen socht wurde.</p>
8	<p>Troch skaalfergrutting en ûntjouwingen yn duorsume enerzjy ûntstiet in nij plattelân. We moatte dêrom op koarte termyn neitinke oer de takomstige ynfrastuktuer.</p>
9	<p>Fan co-fergêsting nei dong-fergêsting . Duorsume enerzjy winning wurdt lang om let foar mear boeren berikber. It plattelân moat ûntslúten wurde. In ringlieding foar biogas kin in goed alternatyf wurde foar ferswierring fan it elektrisiteitsnet.</p>
10	<p>It CDA wol alternativen biede foar caravans en keten. Nije moetingplakken foar de jeugd en in ympuls foar it jongereinwurk binne stappen yn de goede rjochting.</p>